

# Literatuer en keatsen út ien hân

**Doe't ik healwei septimber 2007 de Gysbert Japicx-priis foar proaza takend krige troch Deputearre Steaten fan Fryslân, mailde de winner fan 2005 my: 'Iokwinske, al wer in bouhoekster, en de twadde keatser'. De âld-Winamer Abe de Vries wûn yn 2005 de priis foar poëzy. Hy wie de earste keatser op nivo dy't de wichtichste Fryske literêre priis krige.**

## Gysbert Japicx-priiswinners keatsers?

It is wier, fan de 31 Gysbert Japicx-priiswinners (sûnt 1947) hawwe mar in pear yn dy sechstich jier keatst, en dan faak ek noch allinne op it eigen doarp. Douwe Tamminga (winner yn 1957), dy't yn Hjerbeam op de legere skoalle west hat, keatste dêr wolris, ek wol op Kie, dêr't er wenne. Faaks hat er Simon Vestdijk, de skriuwer út Harns dy't fereale west hat op in Hjerbeamer faam, noch op in ledepartij moete. Beide ha se oer it keatsen skreaun. Trinus Riemersma (winner yn 1967 en 1995) komt út Ferwert. Dat doarp wie gjin keatsplak. Doe't wy te-gearre yn Hjerbeam oan skoalle stiene (1970-1971), hat er it spultsje neffens eigen sizzen wat better leard. Mar hy neamde it keatsen yn myn jubileumboek *100 jier keatsen Hjerbeam* (1993) 'Keutelje tusken de keutels'. Gjinn keatser dus.

Mei de winner fan 1998, Piter Boersma, leit it wat oars. Yn 1984 ferskynde syn *Keatsroman*, dêr't er mei kennis fan saken oer it keatsen skriuwt - oars mear fan bûtenôf as fan binnenút. Ek Boersma hat noait ûnder de betteren keatst, noch by de jonges noch by de grutten. En dêrmei bliuwe yndied Abe de Vries en

iksels oer. De Vries hat foar Winaam keatst ûnder de skoaljonges, de jonges (hy wûn de lytse preemje op de Freule), en wie dêrnei selektearre earsteklasser. Iksels ha fan myn trettjinde oant myn santjinde ûnder de jonges keatst, foar Peins. Letter ek noch wol op twaddeklasprijen, sels noch twa kear op de Bond foar Hjerbeam.

Doe't ik ienkear op de kweek siet, de literatuer ûnt-duts, wie it mei it keatsen dien. Dat hie ek mei Peins te krijen, en mei thús. Stipe krigen je dêr net. Sterker, ast wat better wiest as in oar moast de kop derôf. Der waard altyd seurd dat it oars en better koe. Neidat ik ienris op in merke op myn fjirtjinde of fyftjinde in earsteklasser fan de list sloech, wie it foargoed foarby - noait wer in aardige maat hân. Nettsjinsteande dy ûnderfiningen bliuwt it keatsen yn jins bloed sitten. Ik haw der in soad oer skreaun - yn spesjale keatsboeken, mar ek wol yn myn romans en gedichten. In foarbyld fan it lêste. Yn 1953 wie ik op de PC, Rinnie Kuiper waard koaning. Letter haw ik noch in gedicht foar him skreaun - 'Alles of neat' - dat oer dat koaningskip giet, oer dy sensasjonale PC, oer syn masterlike opslach.

## Peins en Skingen ien hielal

Yn ferbân mei it útrikken fan de GJ-priis haw ik de hele moanne oktober yn Fryslân sitten, yn Gaast, net fier fan Boalsert, dêr't ik op 25 oktober de priis krige yn de Broeretsjerke. De jûns op it feestmiel yn de Doele joech Pieter Breuker my in kadootsje: it

*Jubileumboekje 100 jaar PC (1853-1953)*, mei in moaie opdracht:

'Beide boartsje wy mei wurd en bal:  
Peins en Skingen foarmje ien hielal'

Breuker ferbynt de literêre priis daalk mei it keatsen, en mei it skriuwen, dêr't wy ús beide ek mei dwaande hâlde. Peins en Skingen, ús hielal op dat stuit, ein jierren fjirtich en yn de jierren fyftich. As ik doe út 'e hûs wei nei bûten seach, koe ik Skingen lizzen sjen, it hûs



*Skoaljongespartoer Peins, 1952 (flnr: Germ Gjaltema, Josse de Haan, Pyt Baggelaar) - yn '53 keatsten wy yn Frjentsjer op 'e Lytse PC; yn 1957 ek yn Wommels op 'e Freule. Foto: argyf Josse De Haan.*

ek dêr't de Breukers opgroeiden. Dy wrâld sit noch yn ús holle. Yn myn roman *Piksjitten op Snyp* wurdt oer sokke wrâlden skreaun - oer it keatsen, it reedriden, it aaisykjen: 'Hingjend yn de loft keatsten wy de ballen it wetter oer' en 'Halleluja foar in keatsbal', om mar in pear haadstikken te neamen.

As ik yn Fryslân bin, kom ik it keatsen tsjin - sa't ik dat oait meimakke haw. In wrâld dêrst net mear wenne, kriget stal yn de oantinkens, yn de bylden dy't hingjen bleaun binne. As ik troch de Fryske doarpen ryd, sjoch ik saken dy't in oar net sjocht, omdat se net mear besteane, mar foar my noch tige libben binne. As ik dêr bin, hoech ik mar ien knopke yn te drukken en de film begjint te rinnen. As ik skriu, doch ik dat as ik saken út it ferline brûke wol.

## Grôtfol bylden

As ik yn Fryslân bin, ryd ik altyd troch de doarpen, oer de binnendiken dêr't ik as jonge lâns fytste nei de keatswedstriden op sneon en snein. Tusken myn trettjinde en myn santjinde haw ik keatst op alle doarpen yn de keatshoeke. Ik ken noch de measte dykjes, wit ek noch krekt wêr't wy skûlje moasten foar swier waar of kletsen wetter, wêr't in bân lappe wurde moast, en op hokker doarp in priis wûn waard. Dat lêste barde net faak.

Yn de twadde omlôop rekken wy gauris it spoar bjuster. Harns, Frjentsjer en Ljouwert koene ús hast allinne al mei har grutte bekken ferslaan. Doarpsjonges wiene wy, en dat is lang sa bleaun.

As ik troch Fryslân ryd, sjoch ik dy wedstriden, hear ik de keatsers razen en flokken, sjoch ik sweefmûnen draaien op merken en harkje ik nei de muzyk fan de draaioargels.

Ik haw mar in pear krânsen wûn, mar ik wit noch krekt wêr, wannear en mei wa. As ik troch Wommels kom, sjoch ik my dêr fjouwer kear njonken de toer keatsen, ien kear yn de kleare blabber. Ik sloech stilsteand op, want oars leine je al nei twa stappen yn de drek.

Ik ried dizze oktobermoanne in kear oer Frjentsjer binnentoch nei Ljouwert - dy pear kilometers sieten grôtfol bylden. Yn Skalsum bleau ik stean tsjinoer it keatsfjild, njonken de Peinzerfeart, dêr't ik winterdeis jûns oer it iis nei Frjentsjer gong, de bolwurken wiene ferljochte iisbanen. Soms treende Martha Wierenga dêr.

Yn Skalsum haw ik Rinnie Kuiper foar it earst keatsen sjoen, ein jierren fjirtich. Hy sloech de ballen fier oer de huzen yn de feart. As er wer in partij wûn hie, gong er nei syn prachtfarm en krige in tút. Yn Skalsum al wie hy *myn keatsersheld*, en woe ik *bûtse lykas hy* sa't ik yn it PC-jubileumboek (2003) skreaun haw.

## Bisto ien fan Janke V.?

Yn Peins gong ik nei it tsjerkhôf, dêr't de âldelju no al wer hast njonken jier lizze. De gravearre keatsbal op de stien hat in goed beslút west. Us heit hat hûnderten makke, miskien wol tûzenen. Yn Boalsert by de útrikking komt in man op my ôf. Hy is wethâlder fan Boalsert hear ik letter: 'ik bin Jelle Brouwer, ik haw

heel wat keatsballen by jo heit yn Peins wei helle, foar de CFK-Lollum'.

Op it hôf leit ek ús pake mei syn beide froulju. Beppe Aagje Smidts, berne yn 1888, stoarn yn maart 1919. Us mem wie trije. Ik wit it, troch de Spaanske gryp. En wer komt it keatsen om 'e hoeke - beppe har broer wie Anne Smidts (1893-1969), koaning-keatser út Frjentsjer. Se kamen fan Minnertsgea, harren mem wie in Kuiken. In ferneamd keatserslaach.



*foto: argyf famylje De Haan.*

Omke Anne Smidts wie foar my in held lykas Rinnie Kuiper. Hy wie in allround- keatser, wûn medaljes en koaningskippen, sawol foar opslaan as útslaan, waard twa kear koaning op de PC (1913 en 1919) en wûn ek noch twa twadde en twa tredde prizen op de PC. Yn 1915 en 1916 wie er lieder yn it punteklassemint. Hy wûn de Freule (1909) en twa kear de Bond foar Frjentsjer (1913 en 1914).

Us heit-en-dy hiene gjin gedoente mei dizze famylje. Us mem hie it net stean op 'e kroech dy't Smidts hie (de keatsferieniging 'Jan Bogtstra' waard dêr oprjochte) en ús heit mocht him net. Ik haw dizze grutkeatser, hoewol't er in broer fan myn beppe wie, mar in pear kear moete. Ien kear op it Sjûkelân yn 1953, en ien kear by him thús yn 't kafee.

Ik wie tolve yn 1953 en keatste op it Sjûkelân foar de skoalle fan Peins op de lêste Lytse PC. Achter de opslach siet in âldere man, dy't op in stuit tsjin my sei doe't ik wer opslaan soe: 'moatst him plat foaryn jaan, dy foarynse hat meters foar him'. Nei dy sitbal woe er dat ik de bal fier achteryn brocht: 'se binne beide nei foaren kommen'. Hawar, de man hie aardige tips, we wûnen de partij. Nei de lêste slach helle ik myn want fan de boppeline. De man siet der noch. 'Bisto net ien fan Janke V.?', frege er. Ja, dat wie ik. We rekken oan de praat.

#### **Foto's komme ta libben**


'Jim mem is in dochter fan myn suster, dy't stoarn is

mei de Spaanske gryp. Moatst ris delkomme, dan sil ik dy myn prizen sjen litte. Yn it kafee hjirre, in eintsje fierder.' Hy woe ha dat ik wol aardich keatse koe, op en út. Soks hearde ik yn Peins net faak.

In skoft letter, doe't ik al op de Ulo siet, gong ik út skoalle wei nei it kafee dêr't er wenne. Thús hie ik neat ferteld, de besite soe fêst ôfkard wêze. Hy ûntfong my hertlik, stelde my foar oan syn frou, muoike Gryt, en oan in dochter dy't mei de Snitser printer Brandenburgh troud wie. Doe brocht er my nei de kast mei keatsprizen. Alles glom. Hy wiisde leppels oan, sulveren ballen, gouden en sulveren horloazjes, en medaljes net te min. Ynienen naam er achter út de medaljekast in foto yn 'e hân. 'Sjoch, dat is dyn beppe, myn suster. Se stoar op 24 maart 1919, ik wit it noch krekt, it jier dat ik foar de twadde kear koaning op de PC waard. In PC mei in swarte râne. Jim mem liket op har, ien fan myn dochters ek, en dy har dochters ek wer.'

Ik haw letter ús mem fan myn besite ferteld. Se socht doe it foto-album op en liet mear foto's fan har mem sjen. 'It is spitich dat dat kontakt ferlern gongen is', sei se. Fanôf dy dei kaam der in foto fan dy beppe op it dreswaar te stean.

Doe't ik letter yn Hjerbeam oan de iepenbiere skoalle stie (1962-1971), learde ik noch in famyljelid út it Smidtslaach kennen - Klaas Smidts út Winaam. Fan him krige ik in oare foto fan syn suster Aagje. Ik hie



*Anne Smidts, Frjentsjer (1893-1969).  
Foto: argyf famylje De Haan.*

him dêrfoar noait troffen. Yn de kroech fan Hjerbeam fertelde er ferhalen, spile op in fioele en song ferskes yn East-Europeeske talen, want dêr hie er in soad sitten. Ik brocht him jûns let wolris thús. Dan belle de kroechbaas: 'jo omke wol nei hûs, hy is útferteld'. Mar yn de auto gong er gewoan troch mei syn ferhalen, op 't lêst ried ik yn de twadde fersnelling, sa spannend wiene se.

Dy omke Klaas fertelde oer Minnertsgea, dêr't er berne wie, oer Sint Anne, dêr't syn mem wei kaam, en foaral oer It Bilt, dat er heech hie. Soms prate er Biltsk. Syn mem, Pytsje Kuiken, dy't dus myn oerbeppe wie, prate thús Biltsk. Hy wist dat ús mem har beppe oan heit syn kant ek in Biltker wie - Janke Posthumus fan Sint Anne. As famke prate ús mem Biltsk mei har hat se wol ferteld. Dy oerbeppe wenne begjin jierren tweintich yn Peins. Us mem brocht har elke jûn de krante, prate wat mei har en *stuts dan it nijljocht oan*, draaide it knopke om fan de elektryske lampe. Dat doarde har beppe net, want it wie te nij, te bjusterbaarlik ek.

As ús mem de taal fan har beppe en ek har mem oanhâlden hie, dan prate ik Biltsk ynstee fan Frysk. It hie baanbrekkend west as ik dan de Gysbert Japicxpriis krije kinnen hie foar in Biltsk oeuvre.

*Josse de Haan*